

## Model Mei-auteurskontrakt foar Mienskiplik Auteursrjocht

Mei-auteur/ adres:

Mei-auteur/ adres:

Mei-auteur/ adres:

Wy, [nammen fan de mei-auteurs], gean in oerienkomst oan om in [folslein boek/haadstik/artikel] yn it [spesifike] sjenre mei it subsjenre [subsjenre] te skriuwen, foar [wurktitel fan it wurk].

It neikommende set ús oerienstimming utinoar oangeande ús respektivelike rjochten yn [wurktitel fan it wurk] en de royaltys en oare fergoedingen dy't ús mooglikerwize takomme neffens dizze Oerienkomst.

1. It is tusken de partijen oerienkommen dat nei it boek ferwiisd wurde sil as [wurktitel fan it wurk], in wurktitel dy't letter oanpast wurde kin.

2. It auteursrjocht oer [wurktitel fan it wurk] wurdt fêstlein op de nammen fan [mei-auteurs] foar de doer fan it auteursrjocht en foar elk taheakke of nij auteursrjocht ek dat hjirnei dellein wurde kin yn alle mooglike auteursrjochtwetten yn 'e wrâld.

3. [wurktitel fan it wurk] is in ûndielber wurk: it wurk is ûntstien út it oparbeidzjen tusken [alle/beide] auteurs en it wurk falt net op te dielen yn [haadstikken/alinea's] fan de ien of de oar.

Of:

[wurktitel fan it wurk] is in dielber wurk: it is in gearfoegjen fan losse wurken. De proporsje fan de bydragen is [1:1].

4. [Alle/Beide] auteursrjochthawwenden moatte tastimming jaan foar eksploitaasje fan [wurktitel fan it wurk]. It wurk kin net eksploatarre wurde sûnder de tastimming fan elk oan wa't it auteursrjocht takomt.

Of:

It hiele [boek/haadstik/artikel] [wurktitel fan it wurk] kin net eksploatarre wurde sûnder tastimming fan [alle/beide] mei-auteurs. De eigen bydragen kinne wol selsstannich eksploatarre wurde.

5. Elk fan de mei-auteurs kin selsstannich hanthavenje as der ynbrek makke wurdt op it mienskiplik auteursrjocht. [Dêrfan kin kontraktueel ôfwykt wurde. Under hokker kondysjes en hoe mei dat?]

6. Alle jilden, foarskotten, ferkeapopbringsten en oare fergoedingen dy't eventueel oan ús betelle wurde moatte yn ferbân mei dizze Oerienkomst en út ferkeap, lease, lisinsjes en oar ferfrjemdzjen fan alle rjochten yn en oer [wurktitel fan it wurk] dy't no bestean of dy't yn 'e takomst har beslach krije, sil earst brûkt wurde om útsteande ûnkosten werom te beteljen, dy't makke binne mei ynstimming fan wjerskanten foar it skriuwen fan it wurk en de research dêrfoar; de oerbliuwende jilden sille sa ûnder ús fedield wurde:

Persint foar auteur:  
Persint foar auteur:  
Persint foar auteur:

7. Wy binne mei klam oerienkommen dat wy troch dizze ôfspraken net de bedoeling hawwe om in bliuwend gearwurkingsferbân meiinoar te foarmjen, noch sil dizze Oerienkomst dêrta opsteld wurde. De ôfspraken fan dizze Oerienkomst bestean net langer as it libben fan [wurktitel fan it wurk].

8. Gjin mienskiplike ûnkosten, dêr't wy [allegearre/allebeide] ferantwurdlik foar binne, sille makke wurde sûnder de mienskiplike oerienstimming fan [alle/beide] partijen.

9. It skriuwerskip fan [wurktitel fan it wurk] sil wêze: [nammen fan de mei-auteurs]. Wy sille de útjouwer ynstruksjes jaan sadat [al dizze/allebeide] nammen op it boekomslach en it titelblêd fan [wurktitel fan it wurk] komme, yn itselde lettertype en deselde lettergrutte.

10. Mei-auteurs fan [wurktitel fan it wurk] meie har eigen iepenbiermakking sels organisearje, mar se moatte it media-embargo neilibje, as der ien ynsteld is, en se binne ferplicht om har eigen publisiteit ôf te stimmen mei har mei-auteur[s], likegoed as te soargjen foar in akkurate mediaferslachjouwing oangeande it mienskiplike auteursrjocht. Dit hâldt it korrekt neamen fan de nammen yn: [alle/beide] nammen fan de mei-auteurs moatte neamd wurde en it oparbeidzjen en de gelikense en wêzentlike bydrage oan [wurktitel fan it wurk] moat hiel dúdlik wêze.

11. Elke boppeneamde partij garandearret en ferklearret de oare partij[en] dat al it materiaal skreaun of oanlevere troch him yn ferbân mei [wurktitel fan it wurk] op gjin inkelde manier stridich is mei in auteursrjocht of it strafjocht of in rjocht op privacy en dat it neat befettet fan lasterlike, obscene of ferbeane aard, en [alle/beide] partijen komme oerien om de oare partij[en] skealeas te stellen en te frijwarjen tsjin alle foarmen fan ferlies of skea dy't ûntstean út it brekken fan foarneamde garânsjes wei of út de ûnkrektens wei fan de oare foarneamde ferklearringen.

12. [Alle/beide] partijen hawwe besletten en ôfpraat dat de arbeidsferdieling sa wêze sil: . . .

13. Yn it gefal dat ien fan ús net by steat of net ree is om it wurkjen oan [wurktitel fan it wurk] troch te setten of te foltôgjen, mei[e] de oar[en] it wurk oan [wurktitel fan it wurk] ôfmeitsje, sûnder de meiwurking of de goerie fan de mei-auteur dy't net by steat of ree is om it wurk oan [wurktitel fan it wurk] troch te setten of te foltôgjen. Yn dat gefal komme wy oerien om te bepraten oft de oanbelangjende kêsten fan dizze oerienkomst oanpast wurde kinne, sadat dy de nije proporsje fan it wurk dêr't wy [allegearre/allebeide] oan bydrage wjerspegelje, en, bywannear't it ús net slagget in oerienkomst te berikken, dy ûnderhanneling foarlizze foar binende arbitraazje. Wy komme oerien dat wy gjin inkelde maatregel nimme sille dy't yn it neidiel is fan [wurktitel fan it wurk].

14. Wy hawwe [Folmacht] yn tsjinst nommen en wize dy hjirby oan as iennichste en eksklusive lêsthawwer yn ferbân mei de produksje fan [wurktitel fan it wurk]. Alle jilden dy't no of letter oan ús betelle wurde moatte yn gearhing mei ferkeap, lease, of lisinsje fan [wurktitel fan it wurk] sille útkeard wurde oan en yn namme fan boppeneamde folmacht dy't

hjrby autorisearre is om te tekenjen foar ûntfangst út namme fan ús. Boppeneamde folmacht krijt in bruto provisy op alle lisinsjes fan [fyftjin] persint ([15]%).

15. De algemiene betingsten fan dizze oerienkomst binne binend en komme te'n goede oan de eksekuteurs, bewâldfierders en erfopfolgers fan elk fan ús. De hantekeningen fan elk fan ús hjirûnder falidearje dat as in folsleine en binende oerienkomst tusken ús. Dizze oerienkomst kin net oan in tredde of oars oerdroegen wurde troch ien fan de partijen sûnder skreaune ynstimming fan de oar[en], útsein dat alle partijen har oanpart yn de hjirút fuortkommende bruto opbringsten oan in tredde persoan tawize meie, ûnder foarbehâld fan de algemiene betingsten fan dizze oerienkomst.

Foar akkoart ûnderskreaun

|             |             |
|-------------|-------------|
| Namme       | Hantekening |
| Plak, datum |             |

|             |             |
|-------------|-------------|
| Namme       | Hantekening |
| Plak, datum |             |

|             |             |
|-------------|-------------|
| Namme       | Hantekening |
| Plak, datum |             |